



Oarder fan Tsjinst fan 11 Septimber 2022 te Kollumerzwaag

Sjonge: Lieten fan leauwe en langstme 148 Meinoar yn Jezus namme

1. Mei-inoar yn Jezus' namme
jouwe wy ús lofliet stim,
want de Geast sprekt alle talen,
wy ferstean elkoar troch Him.
Mei-'noar bidde, mei-'noar sykje
nei it plan fan God, ús Hear.
Mei-'noar sjonge, mei-'noar tsjúge,
mei-'noar libje ta syn ear.

2. Lit de hiele wrâld it witte
dat God net feroare is;
dat syn leafde as in ljochtstriel
trochkringt yn ús tsjusternis.
't Wurk fan God is net te kearen,
om't Hysels der noed foar stiet;
en de Geast brekt troch de grinzen
dy't de minskenwrâld ús biedt.

3. Priizje God, de wei is iepen
nei de Heit en nei elkoar.
Jezus Kristus, myn Ferlosser,
stiet as Midd'ler boarch dêrfoar.
Heit, ik heevje heech myn hannen,
sa bring ik Jo tank en ear.
Troch jo Geast draun mei ik sizze:
Jezus Kristus is de Hear!

Wolkom troch de âlderling fan tsjinst

Intochtsliet: Psalm 87: Op hillige bergen is Gods hûs fundearre

1. Op hillige bergen is Gods hûs fundearre;
dêr is de Hear foar al syn geunst-folk goed,
oer elke went van Jacob syn noed,
mar Hy hat Sion leaf boppe allegearre.

2. Hoefolle hearliks kin men fan dy sizze,
do stêd fan God, do leaflik hillichdom!
'Egypte en Babel sil Ik ta dyn rom
as myn beliders yn dyn oantins lizze'

3. Sjoch, folk by folk, sels út 'e fierste hernen,
Hja komme as boargers yn dyn poarten foar:
de Filistyn, de Tyriër, de Moar –
ferearje My as wiene se yn dy berne.

4. Want fan in elk dy't op de Sion wennet
wurdt sein: 'Do hearst hjir, do bist ien fan ús'
Dy't frjemd wie fynt yn dy in feilich thús
en God sil elk foar oar as bern erkenne.

5 God sil de folken telle oant ierdryks einen
Hy skriuwt se op dy't Sions berte ha.
Se dûnsje en sjonge Him har lofliet ta:
'Allinne yn Jo binnen al myn heilsfontein!

Tiid fan stil wêzen

Bemoediging en groet

Lyts Gloaria: Eare oan de Heit en de Soan en de
Hillige Geast lykas yn it oan-begjin, no en jimmer en
fan ivichheid oant ivichheid Amen

Oankundiging: It feest wêr we allegearre
útnûge wurde

Gebed foar Fermoedsoening + de Hillige Geast

**De bern gean nei harren eigen tsjinst en wy sjonge
derby in liet**

Earste lêzing: Jesaja 25: 1 t/m 9

Sjonge: Liet 759 Dy't ta Gods bern behearre (Melodij
Gesang 143 Herfoarme lieteboek Op bergen en in
dalen)

Dy't ta Gods bern behearre,
hja geane yn it ljocht,
hja binne rein ferklearre
foar syn hillich rjocht.
Hja libje Him ta eare,
hja wije Him har dei
Hja stjerre yn 'e Heare
en doarre skoan hjirwei.

Hja sliepe en ûntweitsje as
yn in eachwink tiid,
God sil har wekker meitsje,
in moarntiid, nij en bliid.
Dan wurde hja feroare
ta hearlikheid en ear;
heil dy't har oerjaan doare
yn hannen fan har Hear!

Twadde lêzing Mattéus 22: 1 t/m 14

Sjonge: Lieten fan leauwe en langstme 151 De heit is trou, syn plannen fiert Er út (Melodij Lieteboek voor Tsjerken 304)

1. De Heit is trou, syn plannen fiert Er út.
Hy kiest syn minsken út en ropt har nammen.
Hy ken it no en wit it einbeslút.
Wa't op syn wurd fertrout stiet noait beskamme.
Want wat Him foar de geast stiet bringt syn hân
mei krêft ta stân.

2. De Soan is Hear, syn keningsmacht is wis,
syn hearskippij omfiemet alle tiden.
Syn sterke hân taast nea noch ninter mis.
It kwea sil Hy mei 't hillich swurd bestride.
En alle machten tsjin syn ryk yn 't spier
blaast Hy omfier.

3. De Hill'ge Geast, dy 't yn de wierheid liedt,
lit oan de tsjerke Gods geheimen witte.
Dy 't yn der ivichheid net fan har skiedt,
wist syn bestek mei wiisheid út te mjitten.
Sa giet de tsjerke, dreaun troch wyn en fjoer,
de ierde oer

Oertinking

Sjonge: Liet 908: 1, 2, 4 en 7 Ik ha jo leaf myn alderleafste

1. Ik ha Jo leaf, myn allerleafste,
Jo binn' myn freugde en sterkte hear.
Ik ha jo leaf it allermeaste,
Jo binn' myn alder djipst begear.
Ik ha jo leaf, myn ljocht, myn wei,
oant de alder lêste dei.

2. Ik ha Jo leaf, myn libbensfreugde,
myn freon dêr't ik myn heil by fyn.
Ik sil mei ynmoed Jo ferheegje,
salang 't Jo oer my skynt.
Ik ha Jo leaf, bemin my dan
as wiere breugeman!

4. Ik doarme om, koe Jo net fine,
om't ik net wist nei wâ 't ik socht.
Ik hie, troch wrâldske skyn ferblinde.
Ik bin set op it ierdske ljocht.
Doe kamen Jo my sels sa nei
dat ik Jo kenne mei.

7. Ik ha jo leaf, boppe alle tinken,
Ik ha Jo leaf, Jo binn' myn God.
Jo hoege my gjin lean te skinke;
Ik ha Jo leaf yn 't swierste lot,
Ik ha Jo leaf, myn ljocht, myn wei,
oant de alderlêste dei.

Gedicht: Brulloftsgasten fan Fedde Schurer

Tankgebed en foar-bêde

Collecten

De bern komme werom

Sjonge: Lieten fan leauwe en langstme 63 Gean yn frede hinne (Melodij ELB 270)

Gean yn frede hinne,
gean en lit it sjen,
dat wy 'n mienskip binne
fan Gods minskebern.
Nim it mei yn jimme
deistige bestean
en jim sill' fernimme:
Hy sil mei jim gean.
Gean yn frede hinne,
gean en lit it sjen.

Gean yn frede hinne,
gean en lit it sjen
dat wy 'n mienskip binne
fan Gods minskebern.
Gean yn frede fierder,
nim it mei nei hûs.
Dan is no en hjirre
Kristus by jim thús.
Gean yn frede hinne,
gean en lit it sjen.

Seine + gemeente sjongt it Amen

Oargel